

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Dy't de trep
dweile wol,
moat fan boppen
ôf begjinne

44ste jiergong
22 maaie 2008
Nûmer 11

Meerderheid van inwoners wil niet herindelen

Wommels - Een ruime meerderheid van de inwoners van Littensera diel voelt niets voor een herindeling. Van de bezoekers van de 22 herindelingsbijeenkomsten wil 55 procent dat de gemeente zelfstandig blijft, 42 procent wil wel een gemeentelijke fusie. Daarbij heeft achttien procent er geen problemen mee dat de gemeente opgesplitst wordt, 24 procent wil dat de gemeente als geheel opgaat in een groter geheel. Drie procent van de bezoekers heeft geen mening.

Door Hinne Bokma

De gemeenteraad neemt nog voor de zomervakantie een besluit over de bestuurlijke toekomst van Littensera diel. Om de mening van de bevolking te peilen organiseerde de raad in de afgelopen maanden voor de inwoners van alle 29 dorpen bijeenkomsten. In totaal brachten zeshonderd mensen hun stem uit. Daarvan willen 329 mensen dat de gemeente zelfstandig blijft en zijn 252 mensen voorstander van een herindeling. De rest heeft geen mening. Mocht een herindeling in de toekomst onvermijdelijk zijn dan willen de inwoners van Littensera diel zich absoluut niet aansluiten bij Leeuwar-

den. 480 gaven aan tegen een fusie met de Friese hoofdstad te zijn. Slechts twintig personen willen wel samenwerken met Leeuwarden. Bij een herindeling geeft de bevolking de voorkeur aan een plattelandsgemeente (287 stemmen), gevolgd door Sneek (104 stemmen), Bolsward (100 stemmen) en Franeker (44 stemmen).

De verschillen per dorp waren groot. Zo stuitte de gemeentelijke herindeling in Jellum/Bears op geen enkel verzet. Alle vijftien inwoners stemden voor herindeling. In Baard kozen 25 van de 28 bezoekers voor een zelfstandig verder gaan van Littensera diel, twee mensen waren voor een herindeling en één had geen mening.

Ook in Wjelsryp stuitte de herindeling op veel verzet. Van de 42 bezoekers stemden daar 33 voor een zelfstandig Littensera diel. In Weidum stemden negentien mensen voor een herindeling en kozen drie aanwezigen voor een zelfstandige gemeente.

Het opkomstpercentage bedroeg veertien procent. Wat betreft het aantal bezoekers hebben de grote dorpen het wat laten afweten. In Wommels waren slechts 48 bezoekers, in Winsum eveneens 48, in Mantgum waren 42 geïnteresseerden en in Eas-terein ging het om 47 bezoekers.

Steven Sterkpriis foar duo Ljoubjr Winsum

Winsum - It sjongersduo Ljoubjr út Winsum hat ferline wike sneontejûn yn de finale fan Liet 2008 yn de Harmonie yn Ljouwert de Steven Sterkpriis krigen. It giet dêrby om de prijs foar de bêste liettekst. Nefens sjueryfoarsitter Richt Sterk hie tekstskriuwer Hedser Jan Tijtsma mei it liet 'Skreau' goed gebrûk makke fan de rykdom fan de Fryske taal. Ek de tekst en muzyk fersterken inoar.

Ljoubjr bestiet út Hedser Jan Tijtsma en Eelke Wiegersma út Ljouwert. Yn 2003 binne se as duo útein setten. Ljoubjr skriuwt mei akoestyske gi-

taar prachtige ferskes dy't útien rinne fan folk/rock oant tryste lûsterferskes, hjirby binne melody en emoasje de wichtichste nedichheden.

Ljoubjr kaam yn jannewaris 2005, mei de skiïf 'Streamingen' en yn novimber 2006 is der in twadde skiïf yn 'e wrâld kaam mei de titel 'De Sinne Giet Under'. Eelke en Hedser Jan hawwe earder mei elkoar spile yn 'e metalband Lethargy. Dat se it net rêstiger oan dogge, blykt wol út it feit dat Eelke neist Ljoubjr spilet mei syn twa rock-coverbands Solid Ash en Dakraam. Hedser makket neist Ljoubjr noise-rock mei de band Cormick.



Op tiisdei 13 maaie waarden de repetyse efkes ûnderbrutsen. Op it toaniel stie in ûnferwachte gast. It wie skermlearaar Ad Mol fan Skerming Friesland Leeuwarden. De bern krigen fan him skermles.

Regisseurs Berne Iepenloftspul Easterwierrum: 'Bern krije mear selsfertrouwen'

Easterwierrum - It is net neat. Fan 1 febrewaris ôf fjouwer kear yn de wike yntinsyf repeteare. Wat in discipline. De regisseurs fan it Bernepopenloftspul yn Easterwierrum stekke harren bewûndering foar de bern net ûnder stuollen en banken. Nije wike komt it ta in klimaks. Op 30 maaie is de première fan 'It swurd út de stien'. Net allinne foar de bern, mar ek foar de regisseurs Rieneke de Haan en Theun Plantinga is it spannend. "Wy dreame der fan."

Troch Hinne Bokma

Foar Rieneke de Haan (48) is it de sechsde en lêste kear dat se de rezjy docht fan it berne iepenloftspul. Earder wie se fjouwer jier belutsen by it ljocht en lûd. Rieneke is nammentlik mei-eigner fan Diamond Sound Systems út Joure en dit bedriuw fersoarget al tsien jier it ljocht en lûd yn Easterwierrum.

Se hat it wurkjen mei de bern yn Easterwierrum altiten geweldig fûn. "Bern hâlde dy wekker. Se binne ûnbefangen en iepen en wist altiten wat



De regisseurs Theun Plantinga en Rieneke de Haan.

der oan hast", sa fertelt Rieneke. "It is hiel yntensyf. Mei de bern groeie je nei de première. Dat jout in geweldig gefoel fan ienigens", stelt de regisseur. "Bern krije hjir mear selsfertrouwen. Se groeie hjir oegriselik." De gearwurking mei Theun Plantinga befalt Rieneke goed. It fielt oft dogge se al jierren tegearre de rezjy. Sa it it net. It is foar Theun de earste

kear dat er it berne iepenloftspul regisseert. Theun is fulltime akteur. Dit seizoen noch by Tryater, nei de simmerfakânsje by Bos Theaterproducties yn Amsterdam. Hy spilet kommand seizoen yn 'Schateiland', dat in toernee lâns de Nederlânske teaters makket. Om dy reden krijt it 'aventoer' yn Easterwierrum foar him foarearst gjin ferfolch. "Ik kin yn 2009 net."

"It is in spannende klus", seit Theun. It is mear dan de bern toanielspyljen leare, der is ek in pedagogyske rol welein foar de regisseurs. "We binne in heal jier mei elkoar en alles wat der thús bart komt hjir oan 'e oarder", jout Rieneke oan. "It giet om it begelieden fan de bern, se opfange en se it fertrouwen jaan."

Ek yn 'It swurd út de stien' nimme de bern de taskôgers mei nei de oare wrâld. It is in stik mei in protte humor en mei in knipeach nei de tiid, dêr't it yn spilet en nei de aktualiteit. "De bern fertsjinje it dat de tribunes wer fol binne", seit Rieneke. Yn de famyljefoarstelling 'It swurd út de stien' spilet de skyldknaap Wrat in grutte rol. Hy wol graach ridder wurde en oan in echt riddertoernoai meidwaan. As Meryl yn de joender as húsûnderwizer op it kastiel komt, ûnderwiist hy net ridder Kay, mar Wrat. Hy nimt him mei yn in wûnderbaarlike wrâld en leart him de lessen oer it libben, mar dat rint net altyd neffens plan. Dan brekt de dei fan it toernoai oan, mar wer is it swurd?

'It swurd út de stien' is in bewurking fan 'De lessen fan Merlijn'. It stik is oersetten troch Sjoerd Bottema. De lietteksten binne fan Peter Sybenga en tegearre mei Kees van der Meer fersoarge hy ek de muzyk. Van der Meer hat de muzikale lieding, de dûns wurdt fersoarge troch Marit Bamboe, it dekor is ûntworpen troch Jan Eric Valkema en de kostûms binne makke nei in ûntwerp van Anneke Hoogveen.

U wilt uw woning laten taxeren? Doen wij voor u!

Sanne Wind
makelaardij onroerendgoed bv

Broereplein 11, Bolsward tel. 0515-576 555
zie ook www.sannewind.nl

Coop aanbieding:

Bonomel drink
perzik, framboos of aardbei,
5 flessen à 1000 ml
nu voor

1.99 actieprijs per liter 0.40

Deze aanbieding is geldig op donderdag, vrijdag en zaterdag.

coop voordeel wint altijd!

Coop Tolsma - Meamerterdyk 5 - Winsum

kom nei Wommels... sport, kultuer en ferdivedaasje

6 juni, jaarmarkt, 14.00-21.00 uur

Timmer- & Aannemersbedrijf Jan Ruiten

Van Sminialeane 50, 8731 BH Wommels
Tel: 06-24629763, Fax: 0515-33 17 54

KIJK EENS WAT VAKER IN DE SPIEGEL VAN DE KAPPER

Kapsalon Sjoeko
Kleasterdyk 16 - Winsum - tel. 0517-341633